

## Skriftlêzing

Ik bin de Iene dyn God, dy't dy út Egypte, út it slavenhûs weihelle hat. Do meist gjin oare goaden foar myn eagen ha. Do meist dy gjin byld meitsje fan hokker foarstelling ek mar, fan wat boppe yn'e loft is, of ûnder op'e ierde, of yn it wetter ûnder de ierde.

Do meist dy dêr net foar bûge, noch har tsjinje, want Ik, de Iene dyn God, bin in oergeunstich God, dy't de ûngerjochichheid fan'e heiten op'e bêrn ferhellet, oan it tredde en fjirde geslacht ta, fan harren dy't My haatsje, mar Dy't geunst bewiist oan it tûzenste geslacht fan harren, dy't My leafhawwe en myn geboaden ûnderhâlde.

Do meist de Namme fan de Iene dyn God net misbrûke, want de Iene lit net frij-út gean, wa't syn Namme misbrûkt. Hâld de sabbatdei en hâld dy hillich, lykas de Iene dyn God dy hjitten hat. Seis dagen silsto arbeidzje en al dyn wurk dwaan. De sânde dei lykwols is in sabbat foar de Iene dyn God.

Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan; do net, dyn soan of dochter net, noch dyn slaaf of slavinne, noch dyn okse, ezel, of in oar stik fee fan dines, en ek de fremdling net by dy yn'e poarte. Dan kinne ek dyn slaaf en syn slavin rêst hawwe lykas dosels.

Tink der dan oan, datst slaaf west hast yn Egypte en dat Iene dyn God, dy dêr weihelle hat mei in sterke hân en in útstutsen earm. Dêrom hat de Iene dyn God dy hjitten de sabbatdei te hâlden.

Earje dyn heit en men, lykas de Iene dyn God dy hjitten hat, datst lang libje meist en it dy goed gean mei op'e grûn dy't de Iene dyn God dy jout.

Do meist net deaslaan.

En do meist net troubrekke.

En do meist net stelle.

En do meist gjin falske ferklearring ôflizze oer dyn neiste.

En do meist de frou fan dyn neiste net begeare; en do meist net longerje op it hûs van dyn neiste, noch op syn lân, noch op syn slaaf of slavinne, okse of ezel, noch op wat ek mar dyn neiste sines is.

Mei dizze wurden hat de Iene jim gemeente mei in lûde stim tasprutsen. Hy hat dêr neat oan tafoege.

Segene binne sy dy't nei Gods wurd harkje en har deroan hâlde (Lukas 11:28)

## Taspraak

It kin samar wêze dat de lieten fan hjoed wat mear as oars oansprekke troch de tastân yn Oekraïne. Dat wy hjir net om'e nocht binne, en stean gien binne omdat wy it der net by sitte littte. Liturgy is altiid in akte fan protest tsjin de gefestigde oarde. Om tsjûgen te wêzen fan in Oarenien dan de skurken en ploerten dy't ús op'e knibbels krije wolle foar hárren eare en gloorje. Om úting te jaan oan de skande fan in wrâld yn'e brân. Wy libje fanút in oare bron fan leauwen, dy't fier boppe alles út stiiet by wat de kweade machthawwers tinke, sizze en dogge.

Úse bron fan leauwen wurdt net ynjûn troch minsken dy't út binne op it koart hâlden fan ûnderdanen. Úse bron fan leauwen wurdt net ynjûn troch leugens en begeartes, troch it ûnferstan fan minsken dy't harren mear wane dan de Iene God en Syn wurden. Úse bron fan leauwen is net fan dizze wrâld. Wy sizze sa graach dat wy wol yn de wrâld binne, mar der net *fan*.

Doe't in net-leauwich man in rabbijn oanspruts oer de sin fan it libben, sei de rabbijn: 'De sin fan it libben leit hjiryn, dat wij wurkje oan de himel op ierde'. En dat klikt ús miskien wat wollich yn de earen, mar dat is wol wier. De tsien wurden dy't wy lêzen ha, litte sa'n oar ljocht skine oer wat it libben werklik wêze kin en sa't it bedoeld is. Mar wy nimme wat matige posysjes yn wertroch de himel op de ierde hast gjin kâns krijt. 'Ja', sizze we dan, 'sa soe it oars wol wêze moatte' Of: 'ja, hjir slaan wy de plank wol aardich mis'. Of: 'it moat tenei wol oars'. Oan sokke refleksjes ha je eigenlik neat. Wy litte dan alles mar by wat it is. In oare wei ynslaan fine wy mar lestich. Mar dan hearre wy hietenkear: 'Do, wurd net as die oar'. Wy wurde oansprutsen.

Do, wurd net as dy oar, dy't troch de knibbels giet foar de ploerten fan dizze ierde. Do, wurd net as dy oar, dy't fan ús slaven en fluchtlingen meitsje. Do, wurd net as dy oar, dy't ús útmoart. Do, wurd net as dy oar, dy't de naasjes en ús fan úse leafsten ferskuort. Do, wurd net as dy oar, dy't lân stelt en ynnimt. Do, wurd net as dy oar, dy't liiche kin dat'r swart wurdt en barst. Do, wurd net as dy oar, dy't it lân, de minsken en de hûzen begeart.

Do. Lit dy net ferlieze yn de minsken dy't der mar wyld yn omprate sa as de russyske lieder om it hoartsje praat oer genocide en nazisme dat yn Oekraïne plak ha soe. Sûnt 2012 doe't syn tredde regear yngie, hat hy mei stipe fan de tsjerke it ferhaal fan de 'russyske frede' oankondiche. Wat tinken dogt oan de Pax Romana, en in tûsenjierich ryk wat minder frei wie dan it klinkt. Dat binne grutte wurden dy't de eigen befolking trots meitsje moatte, in identiteit jouwe, en leauwen dogge dat 'wy oars binne, dan it westen'. Grutte wurden wêr't wy fan skrikke, dy't ús beangstigje en at wy swak binne ús der maklik troch meisleepje litte. Nee, gean net troch de knibbels. Bliuw steande.

Op dizze earste Snein fan de 40dagentiid en fjirder oant Peaske ta, besinne wy ús op it bestean op ierde. Is de himel al op de ierde? De himel der noch lang net! De tastân yn Oekraïne jouwt dêr in ekstra diminsje oan. Op hoe't wy yn dat lytse skofke dat wy hjir binne, úse sin oan ús libben jouwe. En dat dat fan tiid tot tiid in swiere oangelegenheit is, dat hat it folk fan Israël ûnderfûn en ynsjoen. Sy hienen die akeliche tiden fan slafernij en ûnderdrukking yn Egypte achter de rêch. En doe't sy dêr út befrijt wienen, tochten sy nei, dat *tsjinoer* die minsk-ûntearjende tastânnen wat *oars* komme moast. Oars hâldt net ien it bestean yn dizze wrâld út.

Die tsien wurden binne woartelje yn harren eigen skiednis. En de boadskip is hietenkear: Do, wurd net as dy oar. En dan moatte wy by die oar tinke oan de ûnderdrukkende Egyptenaren. Wurd net lyk as sy. Fanút dy tragyk fan it libben binne de tsien wurden opskearn. Wurd net as dy oar. As in alternatyf foar de wrâld om it net wer safier te krijen dat de ploert en de skurk it foar it sizze ha. Tsjinoer dat soart ûnferstân stiet die Iene God dy't de wrâld just syn freiheit jouwt, troch die wurden. It folk van Israël hie allang sjoen dat minsken machteleas wurde at sy oare goaden oanbidde, sa as de farao's harren sêgen en letter de Grykse en Romeinse keizers, en tichtby staliniaanske en hitleriaanske types. Want wannear dan ek mar, wy witte no al dat de skiednis ús leart dat it ferkeart my sa'n bolle en fjoerskiter ôfrinne sil.

Do. Wy wurde as yndividueel minsk oansprutsen. Rabbi Levi sei: God moatte wy sjen as in portret dat altiid ien oansjocht. Tûsend minsken kinne der nei sjen, mar it portret sjocht elkien persoanlik oan. Fandêr dat der net stiet Ik bin de Iene, *jimme* God, mar Ik bin de Iene, *dyn* God. En it is dan oan ús hoe't wy net wurde as de oar. Hoe't wy alles en elkenien byinoar hâlde yn sté fan ferskuorre. Hoe't wy by in oar *litte*, wat fan him is.

En ik tink dat dat ek de bedoeling west hat fan de lêste lieder fan de Sovjet-Unie. Gorbatsjov, mei syn 'glasnost' en 'perestroikja', (in nije iepenheid en herfoarmingen) spruts de Feriene Naties (de hiele wrâld dus) ta yn New York yn 1988. En hy spruts de hoop út, 'dat úse mienskiplike ynspanningen úse ferwachtings rjochtfeardigje silje, om in ein te meitsje oan in tiid fan oarloch, konfrontaasje en regionale konflikten, in ein oan úse agressie tsjinoer de natuer, oan de terreur fan hunger en earmoed, en oan it polityke terrorisme'. Margreet Fogteloo *I have a dream. Van de Tien Geboden tot 'yes we can'. Belangrijke en bijzondere redevoeringen uit de wereldgeschiedenis*, (Utrecht 2010).

Die tsien wurden befetsje 'glasnost' en 'perestroika' al ieuwen. Wat wy no noch noadich ha is it wurd 'oeskorenie', *versnellings*. En dat wy útsjogge nei wat der 100 jier lien bart is yn de stêd Riga. Der wurde in ein brocht oan de Russyske Boargeroarloch. It ferhaal giet dat der in stik minnich soldaten fan it Reade Leger in tsjerke ynkaam, wêr't in tsjinst oan'ê gong wie. Ien fan de soldaten gong de preekstoel op, die de Bibel iepen en lêsde: 'Hysels sil harren alle triennen út'e eagen feie, en de dea sil der niet mear wêze, likemin als rouwe, gegûl of pine; want al it âlde is foarby'. (Iepenb. 21:4) En de soldaat spruts: 'Hjoed is dit wurd yn ferfulling gien'.